

Jiertal / saaknûmer: 2025-072924

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 3 april 2025

Underwerp: **Mear romte foar lytse wenningen op eigen hiem**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:

- der in groeiend ferlet fan fleksibele wenfoarmen lykas tiny houses en mantelsoarchwenten is;
- starters en âlderein muoite hawwe om geskikte en betelbere wenromte te finen binnen de gemeente;
- de hjoeddeistige regeljouwing en it omjouwingsplan faak te beheinend binne, wêrtroch't it foar ynwenners dreech is om in lytse wenning op harren eigen terrein te pleatsen;
- it foarstel fan minister Mona Keijzer pleitet foar minder regels en mear romte foar partikulier inisjatyf op it mêd fan wenjen;

oerwaagjende dat:

- it tastean fan lytse wenningen op eigen mêd bydraacht oan:
 - betelbere wenromte foar starters, wêrtroch't se yn de gemeente wenjen bliuwe kinne;
 - mear trochstreaming op de wenningmerk, om't âlderen en oare húshâldens fleksibeler wenje kinne;
 - sosjale bining binnen húshâldingen en doarpsmienskippen;
 - duorsum en effisjint romtegebrûk, passend by it wenferlet fan dizze tiid;
- gemeenten beliedsfrijheid hawwe om planologysk romte te bieden foar ynnovative wenfoarmen binnen it omjouwingsplan;

fersiket it kolleezje:

1. te ûndersykjen hoe't it ienfâldiger en flugger makke wurde kin om in lytse wenning op eigen terrein te pleatsen, sûnder ûnnedige fergunningstrajekten;
2. spesifyk te sjen nei de kânsen foar starters en âlderein, sa't sy binnen de gemeenten passende wenromte fine kinne;

3. ynwenbers aktyf te ynformearjen oer de mooglikheden en rânebetingsten foar it pleatsen fan in lytse wenning op eigen terrein;
4. de ried foar 1 juni 2025 te ynformearjen mei in konkreet foarstel foar oanpassing fan it omjouwingsplan,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: A. Buwalda (FNP), CU, CDA, LNF, VVD, SIN, GBNF, PvdA

Stimming	Foar: FNP, CU, CDA, LNF, VVD, SIN, GBNF, PvdA (27)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 3 april 2025.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer